

Nijtsjerk hie in geweldich

Sa't al te lêzen wie yn 'e krante fan moandei l.l., kinne de minsken út Nijtsjerk werom sjen op in slagge doarpsfeest. It program begûn tongersdeitejûn 27 juny om healwei sânen mei muzyk en drum troch de buorren. De kostúmearre fuotballers wurde meinaam yn 'e tocht want nei de optocht troch it doarp én neidat de skoallebern harren wedstrydballon oplitten ha, kin it fuotbaljen, op in alternatieve wize wol te ferstean, fan start gean. Somliken binne net werom te kennen yn harren healwize klaaisels.

Om goed acht oere is it ôfrûn en kin in elk nei it stik fan toanielgroep 'de Bûnte Flinters' dy't mei harren nije oanwinst: 'It feintsje fan myn frou' in sterk stik fakkundich amateurtalint sjen litte oan rûm 400 besikers. It stik is noch sa nij, dat it waarm ophelle wurden is by de skriuwer wei, safolle wiken tebek, doe't it oefenjen syn oanfang nimme soe.

It handelt oer in skriuwster, Anke Tasma, dy't troud is mei in dokter: Ruerd Brouwers. De famkesnamme fan Anke is dêrom ek útwreide mei 'Brouwers' derfoar. Dat de namme 'Brouwers' yn kombinaasje mei de namme Anke Tasma deaswiid wurde moat, mei in elk wol frjemd yn 'e earen klinke. In famylje út Amerika wit der lykwols mear fan en it probleem wurdt ynienens libbensgrut as dizze famylje ek noch beslút oer te kommen nei Nederlân en dêrmei frjemde konfrontaasjes útlökke.

It is benei tolve oere as it stik teneinde is. Muzykgroepke Duo Nooitgedacht soarget foar sfearfolle muzyk oan't in oer as healwei twanen.

B-klasse (11 partûren): 1. Sjouke Wijnsma (kening), Albert Kingma en Theo Weidenaar; 2. Albert v.d. Vliet, Sjoerd Groenia en Marten Heeringa; 3. Tjeerd de Boer, Peet Kuiper en Theun Dijkstra. **Offalrûnde:** 1. Bertus Dijkstra, Dirk S. Weidenaar en Piet v.d. Vliet; 2. Ealze Weidenaar, Sjerck Faber en Geert Kingma; 3. Renze Linthof, Sietze Blom en Folkert de Boer.

● Foar de bern is der sneontemoarn yn 'e tinte in gûchelder. Fanwegen it reinige waar binne der ynearsten net safolle bern, mar om in oer as tsien healwei alven binne der aardich wat mear jeugdige belangstellenden, dy't boeid nei de show fan 'e gûchelder lûsterje en sjogge.

Seiskamp